Oarder fan tsjinst by de betinking en it te hôf bringen fan

Hendrik Stegenga

☆ Aldegea, 14 desimber 1936 † Aldegea, 18 febrewaris 2026

op tiisdei 26 febrewaris 2026
om 13.30 oere
yn de Ankertsjerke te Aldegea SWF

Foargonger: ds. E. K. Zwerver
Oargelist: dhr. A. de Vries

Wolkom en ynliedend wurd

Bemoediging en Groet

Oanstekken fan in kears

Sjonge: Liet 753 *"Der is in lân fan kleare ljocht"*

Der is in lân fan kleare ljocht
mei hil'gen oan 't regear.
Dêr hat gjin dei oait tsjuster brocht
en wit gjin hert fan sear.

Dêr klinkt aloan in maitiidsliet,
yn bloei stiet elke plant.
Neat as de smelle deadssee skiedt
ús fan de oare kant.

Gebed

Sjonge: Liet 977 *"O minske, gean der dochs op út"*

En hawwe wy 't no al sa goed
troch Him dy't ús syn jeften stjoert
op dizze earme ierde,
wat wurdt it skielk dan wûnderskoan
as we_ienris foar Gods himeltroan
de ivige maitiid fiere!

Dêr't God de Hear as sinne skynt
gean wy ta Jezus' lusthôf yn,
hoe suver sil 't dêr klinke,
as tûzen serafinen Him
lofpriizgje mei har gouden stim
en lykas stjerren blinke!

Oer heit en pake

Sjonge: "De God fan leafde"

Mear as fan fûgels haldt Hy fan minsken,
mear noch as blommen hat Hy dy leaf.
refrein: Lit witte allegear: de God fan leafde
wol minsken helpe, ek dy en my..

Al hast ek soargen, al fielst dy iensum,
liket it tsjuster, God bliuwt by dy.
refrein: Lit witte allegear: de God fan leafde
wol minsken helpe, ek dy en my..

Wy sille krije, wat God ús sei hat,
foar eltsenien leafde en frede yn't hert.
refrein: Lit witte allegear: de God fan leafde
wol minsken helpe, ek dy en my..

Skriftlêzing: Psalm 27 : 1-3 en 8-11 (Wymkes Bibel, 1943)

De Heare is myn ljocht en myn heil, hwa scoe ik eangje?
De Heare is de stins fen myn libben, fen hwa scoe ik forfeard wêze?
Do't kweadewaners my tonei kamen, myn tsjinstanners en myn fijannen,
om myn flêsk to iten, stroffelen hja sels en foelen.
Al bilegere my in legermacht, myn herte scoe net eangje;
al stie de in oarloch tsjin my op, lykwols bitrou ik.

Fen Jo seit myn hert: Siikje myn oantlit!
Ik sykje jins oantlit, o Heare.
Forbergje jins oantlit net foar my, wiis jins tsjinstfeint net yn grime ôf;
Jo hawwe my in help west! Forstjit en forlit my net, o God fen myn heil!
Hwent heit en mem hawwe my forlitten, mar de Heare nimt my oan.
Lear my o Heare, jins wei en lied my op it sljochte paed.

2 Timotheus 4:6-7 (Nije Fryske Bibeloersetting)

Want wat my oangiet, myn bloed wurdt al as in offer útstoart en de tiid dat ik hjirwei moat, is al kommen. Ik haw de goede striid striden, de baan útrûn, it leauwen behâlden.

Sjonge: *"Lear my Jo wei"*

Slacht frees my om it hert, leer my Jo wei.
Ferflauw 't myn tankgebed, lear my Jo wei.
Dat ik yn foar en tsjin,
troch dagen, moai of min,
bliid yn Jo bliuwe kin,
lear my Jo wei.

Oertinking

Lústerje: *"As it myn tiid is"* troch Gurbe Douwstra

Hastû dyn twifels oer it bestean
Oer al wat leit tusken komm' en gean
Wat is it plan, hoe rint it paad
Wêrom krijt ien de sinne en d' oar it measte skaad

Fregest dy ôf, wat is myn lot
leaust yn dysels of yn in god
mar leau it meast yn dyn gefoel
En wit it libben sels jout elk syn libben doel

Dus as 't myn tiid is, gûl net lang om my
Bin net fier fuort, 'k bliuw altyd ticht by dy
'k Sit yn dyn wêzen, 'k sit yn dyn bloed … bist myn bloed
Ferjit dat nea, myn bern, dan komt grif alles goed

Ast' my dan mist, my nedich hast
sikest hâldfêst, ast net fierder doarst
Slút dan dyn eagen, wês eefkes stil
sjoch yn dyn hert en wit dat ik dêr wêze sil
Wês ek net tryst, 't is sa't it heart
dat al wa't libbet ienris stjert
Mar leau my mar, ik mien oprjocht
gjin inkeld libben, lang of koart, is om 'e nocht

Dus as 't myn tiid is, gûl net lang om my
Bin net fier fuort, 'k bliuw altyd ticht by dy
'k Sit yn dyn wêzen, 'k sit yn dyn bloed … bist myn bloed
Ferjit dat nea, myn bern, dan komt grif alles goed

Tanksizzing en foarbea

Sjonge: *Gesang 463 "It kweade o Hear ferjou it ús"*

It kweade, o Hear, ferjou it ús
en alle minskebern.
Bring oer de sillge wei fan 't krús
ús goed te plak en by Jo thús,
dêr't nimmen sûnde ken.

Dat elkenien Jo hearre mocht,
as ienkear by de see
en de ien' de oar' de boade docht:
"Wy heinden hjoed in bliid berjocht;
o kom, it miel is ree!"

Och, lit ús ûnberoaid en blyn
op wylde wegen net,
mar til ús yn jo sinneskyn
En sprek ús ta yn fjoer en wyn,
o stille stim yn 't hert.

Utlieding en seine

By it utdragen sjonge wy: *"Hear, bliuw my nei"*

Hear, bliuw my nei by 't fallen fan 'e jûn,
it lêste ljocht is oer de kieme rûn.
Ik haw gjin help en alle treast wurdt wei
wês Jo myn Helper, Hear, o bliuw my nei.

Us libben wiks'let rêd as eb en floed,
de wrâld mei al syn glâns fergiet foargoed.
Feroaring en ferfal bringt elke dei,
mar Jo dy 't net feroarje, bliuw my nei.

Gjin oere kin ik bûten Jo bestean,
sûnder Jo leafde moat ik ûndergean.
Wêr fyn ik hâld en wa wiist my de wei?
By skaad en sinneskyn, o bliuw my nei.

Ik haw gjin freze foar de dei fan moarn,
my jaget grêf noch dea gjin skrik mear oan.
Jo dy't my liede nei d'oerwinningsdei
troch leed en triennen, Hear, o bliuw my nei.

Hâld foar myn each Jo ljocht en blinkend krús,
skyn troch myn tsjuster, rop my by Jo thús.
Hast komt de moarn, de skaden falle wei.
Yn dea en libben, Hear, o bliuw my nei.

OP IT HÔF

No't it libben fan Hendrik Stegenga ta in ein kommen is,
betrouwe wy him ta oan God, ús Heit,
by Wa't de boarne fan libben en ljocht is.

Hjir op dizze hôf lizze wy syn lichem yn de ierde,
Ierde ta ierde, stof ta stof.
Dizze minske hawwe wy fan God ûntfongen,
Dizze minske jouwe wy oan God werom
yn it betrouwen op Jezus ús Hear dy't sein hat:
Dy't yn my leaut sil libje, ek al is er stoarn.

Ús Heit yn 'e himel
lit Jo Namme hillige wurden,
lit Jo keninkryk komme,
lit Jo wil dien wurde op ierde
likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea,
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn ha.
En lit ús net yn fersiking kommme
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want Jowes is it keninkryk en de krêft
en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen